



'EN WAT DOGGE WE
MOARN MEI IT WETTER
YN FRYSLÂN EN IT
WESTERKWARTIER?'

FOAROPWURD

Dit ferkiezingsprogram *“En wat dogge we moarn mei it wetter yn Fryslân en it Westerkwartier?”* is skreaun yn de hjerst fan 2022. It beskriuwt de algemiene útgongspunten en winsken fan de FNP oer it wetter- en suveringsbehear by Wetterskip Fryslân foar Fryslân en it Westerkwartier.

De kommisje is har der tige fan bewust dat wy libje yn ûnwisse tiden. Oan de râne fan Europa, yn Oekraïne, is it oarloch. Dizze oarloch bedriget ek ús en hat grutte ekonomyske en finansjele konsekwinssjes foar ús lân. De ynflaasje is heech, de rinte rint op en de enerzjyprizen geane troch it dak. Dat jildt ek foar Wetterskip Fryslân. Dêr komt by de krapte op de arbeidsmerk en ek it tekoart oan materiaal en grûnstoffen. It makket de planning en de bekostiging fan it wurk net maklik.

Dochs bliuwe wy moedich en kieze as FNP foar ús eigen oanpak, mei beide fuotten op 'e grûn. Dêrby litte wy ús liede troch de 7 kearnwearden fan de FNP: demokratysk, federalistysk, ynternasjonaal, eigen taal en kultuer, ûndernimmerssin, solidariteit en duorsum.

Bert Vollema
Listlûker FNP Wetterskip

Bert Vollema:

'DOCHS BLIuwe WY MOEDICH
EN KIEZE AS FNP FOAR ÚS
EIGEN OANPAK, MEI BEIDE
FUOTTEN OP 'E GRÛN.'





YNHÂLD

| | |
|--|-----------|
| Foaropwurd | 2 |
| Ynlieding | 6 |
| It wetterskip | 6 |
| Untwikkeling | 7 |
| 1. Feilich | 8 |
| Seedyk – primêre kearing | 8 |
| Waadeilannen en regionale kearingen | 9 |
| 2. Skjin en sún wetter | 10 |
| Grûnwetter | 10 |
| Skjin wetter | 11 |
| 3. Natuer en lânbou | 12 |
| Buorkje mei de natuer | 12 |
| Feangreide en fundearringsskea | 12 |
| Grutte en lytse bouhoeke | 13 |
| De greidhoeke | 13 |
| 4. Foldwaande farsk (swiet) wetter | 14 |
| 5. Bioferskaat en klimaatadaptaasje | 15 |
| Ambysje | 15 |
| Eksoaten | 15 |
| Greidefûgellân | 16 |
| Fiskstân | 16 |
| Klimaatadaptaasje | 16 |
| 6. Betelber | 17 |
| Belesting | 17 |
| Mei minder mear dwaan | 17 |
| Wêr ha wy oan wurke? | 18 |
| De 7 kearnwearden fan de FNP | 20 |
| De kandidaten op de list | 21 |

It wetterskip

Wetterskip Fryslân ûntwikkelt him ta in moderne organisaasje dy't midden yn de maatskippij stiet. Selsbewust as it giet om de kennis fan wettersaken, is ynnovatyf en makket gebrûk fan de nijste techniken, stiet mei beide fuotten op 'e grûn en leit it ear te lúster yn de mienskip. It wetterskip leit yn de foarljochting oan ús ynwenners út hoe en wêrom't sy har taken útfiert. De rayonbehearders wurkje pro-aktyf en binne it persoanlik oansprekpunt foar it kontakt mei ús bewenners. Gearwurking mei oare oerheden, kennisynstellingen en bedriuwslibben leit foar de hân. Wetterskipswurk moat yn it basis- en fuortset ûnderwiis mear omtinken krije. Mei iepen dagen yn it Wetterskipshûs, fjildekskurzjes en mei in besite oan it Woudagemaal wurde ek takomstige generaasjes harren bewust fan it wetterbehear.



'EN WAT DOGGE WE MOARN MEI IT WETTER YN FRYSLÂN EN IT WESTERKWARTIER?'

Ûntwikkeling

Fan de lêste fiif simmers yn Fryslân wiene der fjouwer (te) drûch. Dochs falt der oer in hiel jier besjoen net minder wetter, mar krekt mear. It reint minder faak, mar wol hurder yn swierdere buien. Wy sjogge klimaatferoaring wrâldwiid. De gletsjers yn de bergen rane fuort, it iis op de noard- en súdpoal krimpt, de seespegel komt omheech en oan de gemiddelde temperatuerstiging komt noch gjin ein.

Net allinne de klimaatferoaring, mar ek de Europeeske wet- en regeljouwing, maatskiplike ûntwikkelingen en it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet soargje derfoar dat it wurk fan Wetterskip Fryslân hieltyd kompleksere wurdt. Der komme sadwaande grutte fraachstikken op ús ôf. Dêrby is yn it Regearakkoart opnommen dat boaiem en wetter mear stjoerend wurde foar de ynrjochting fan ús lân. Dit freget fan it Wetterskip, as wetterautoriteit, in prominintere posysje. Njonken de rol as behearder, komt dêr de rol as regisseur yn de gebietsûntwikkeling by. De kosten fan dizze regisseur en de útfieringskosten as gefolch fan de klimaatadaptaasje kinne net allinne op it buordsje fan de ynwenners fan Fryslân en it Westerkwartier dellein wurde. De oanpak fan klimaatferoaring is in nasjonaal fraachstik en dêr heart ek ryksjild by. De FNP fynt dat it Ryk it Deltafonds opheegje moat dêr't de Wetterskippen net allinne foar it Heech Wetter Beskermings Programma (HWBP) in berop op dwaan kinne, mar ek foar alle oare aspekten fan klimaatadaptaasje. Hjirby falt te tinken oan kosten foar oanpassing fan de romtlike ynrjochting en foar oanpassing yn it farsk (swiet) wetterbehear.

De Fryske oerheden: provinsje, gemeenten en it wetterskip binne mei-inoar ferantwurdlik foar de Fryske oanpak fan klimaatadaptaasje. In goede gearwurking en in lykwichtige, goed op elkoar ôfstimde, taakferdieling tusken de provinsje, it wetterskip en de gemeenten is dêrom nedich. Mar ek de ynbring fan boeren- en natuerorganisaasjes, gebietskollektiven, kennis fan ús hegeskoallen en oanbelangjend bedriuwslibben is nedich om de takomst treast te wêzen. De gjalp dy't al langer by Wetterskip Fryslân opjild docht is: **"En wat dogge we moarn mei it wetter yn Fryslân en it Westerkwartier?"** Wy moatte fier foarútsjen. Mei-inoar kinne wy op wettergebiet Fryslân en it Westerkwartier feilich, skjinnich en sûn hâlde.



1. FEILICH

Seedyk – primêre kearing

De kommende tsien jier wurdt troch it wetterskip bot ynvestearre yn de feiligens fan Fryslân. Der wurdt neffens de nijste klimaatinsichten wurke oan it fersterkjen fan de seediken. De FNP wol dit op de meast duorsume en natuerlike wize útfiere en kiest dêrom foar in meast griene seedyk. Dêr't oan de waadkant noch gjin foarlân foarme is, moat dat befoardere wurde. Nei de takomst ta is dat de meast natuerlike wize om it efterlân te beskermjen. De FNP is fan miening dat it oansicht fan in tal doarpen, Peazens en Wierum, net oantaast wurde mei troch de dykfersterking. Hjir moat de oplossing socht wurde yn de ferswierring oan de seekant, ek al is dat Natura2000 gebiet. Mooglik kin ek mei ynnovative techniken de besteande seedyk oan de feilichheidseasken foldwaan. Dat moat ûndersocht wurde.

It Ryk hat middels it "Programma Aanpak Grote Wateren" jild beskikber steld foar it ferbetterjen fan de ekology op en om de seedyk. De FNP is dêr in foarstander fan. Sa pleitsje wy ek foar mear krûde- en blomrike diken. Foar de fiskpassaazje binne swiet-sâltwetteroergongen fan grut belang. Hjirby moat wol foarkommen wurde dat de efterlizzende lânbougrûn fierder fersâltet. It heechwaardige lânbougebiet yn Noardwest en Noardeast Fryslân mei troch de dykfersterking gjin beheiningen oplein wurde.

De FNP is foarstander fan, dêr't it om de natuer kin, it oanlizzen fan in fytspaad bûtendyks. It Waad is in unyk natuergebiet dêr't elk dy't dat wol ek fan genietsje kinne moat. Yn de gebietsproessen wurde de winsken fan ûndernimmers, natuerorganisaasjes en omwenners meinommen. Hjirby moat betocht wurde dat it Waad in gebiet is fan stilte en tsjusternis en dat ek bliuwe moat. Ek al omdat it foar fûgels in wichtich rêst- en foerazjegebiet is. Op in beheind tal plakken kin ûnder goede betingsten mear romte jûn wurde foar de toerist en rekreat.



Waadeilannen en regionale kearingen

Yn it ferline is yn it “Bestuursakkoord Water” ôfsprutsen dat ek de dyk- en dúnwetterkearingen fan de Fryske eilannen by it wetterskip ûnderbrocht wurde sille. De FNP is dêr net op tsjin, mar stelt wol betingsten. Yn elts gefal moat it Ryk in breidsskat meijaan dêr't ek in trochberekening ynsit foar langjierrich ûnderhâld. It kin net sa wêze dat ús ynwenners swierder belêste wurde foar in nasjonaal probleem. De FNP fynt dat it Ryk finansjeel foar 100% ferantwurdlik wêze moat foar de primêre kearingen.

De regionale kearingen binne fan grut belang foar it achterlizzende gebiet. Hichte en stabiliteit fan de boezem- en polderkaden moatte op oarder wêze en bliuwe. Om de wetterdruk op de kaden te ferminderjen moat socht wurde nei mear retinsjepolders. By ekstreme delslach kin it wetter sa tydlik opfongen wurde. Hjirby wurdt foaral ek de gearwurking mei de terreinbehearende organisaasjes (TBO's) socht.

- ♥ **Wy kieze foar in blomrike griene seedyk**
- ♥ **Gjin dyktrochbraken mei risiko op it tanimmen fan sâlte kwel**
- ♥ **Befoarderjen fan de oangroei fan kwelderlân**
- ♥ **100% bekostiging troch it Ryk fan de primêre kearingen**

2. SKJIN EN SÛN WETTER

Grûnwetter

De FNP is foar skjin wetter om te drinken, foar skjin wetter foar it fee en foar de fiskstân en foar skjin wetter om yn te swimmen. Duorsum wetterbehear betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en de boaiem net skeind wurde meie. De FNP is dêrom tsjin gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning en opslach fan gemysk- of radio-aktyf ôffal yn de Fryske boaiem. Nije boarringen nei gas is de FNP poer op tsjin! Skjin grûnwetter is fan libbensbelang foar ús drinkwetter.



**'SKJIN GRÛNWETTER IS
FAN LIBBENSBELANG FOAR
ÛS DRINKWETTER.'**

Skjin wetter

De KRW (Kader Richtlijn Water) stelt hege easken oan de wetterkwaliteit en oan de ekology yn en om it wetter. Wy sille ein 2027 oan dy easken foldwaan moatte. Boppedat hat "Brussel" de easken koartlyn noch skerper steld. De FNP wol foldwaan oan de KRW-doelstellingen, mar wy brûke dêrby ek ús sûne ferstân. De lêste prosinten binne altyd lestich te realisearjen. De FNP wol dan in goede ôfwaging (kosten/baten) meitsje foardat it jild ynsetten wurdt. By it beheljen fan de doelen binne wy ek ôfhinklik fan de ynset fan treden (provinsje en gemeenten). Dat freget om goede ôfstimming by it beheljen fan de resultaten.

In protte reinwetter komt no noch telâne yn de rioelearring en dêrmei yn de suveringsynstallaasjes (RWZI's). Gemeenten moatte alle war dwaan om it reinwetter fan it rioel ôf te keppeljen. Dat foarkomt dat oerstoarten oerrinne en it wetter fersmoarget.

Alle smoarge stoffen kinne noch net út it ôffalwetter helle wurde. Under oaren medisynresten spylje dêrby in rol. De FNP wol jild foar ynnovaasje ynsette om dit probleem op te lossen. Dit yn gearwurking mei de Unie van Waterschappen, hegeskoallen en bedriuwslibben. It úteinlike stribjen moat wêze dat it restslib út de RWZI net mear ferbaarnd hoecht te wurden, mar as grûnstof op 'e nij brûkt wurde kin.

De fersmoarging (lossingen) troch rekreaasje- en beropsfeart is noch altyd net adekwaat oplost. It gearwurkingsferbân tusken Wetterskip, Provinsje, gemeenten, de Marrekrite, Hiswa en beropsfeart moat nij libben ynblaasd wurde. Der moatte mear ynnamepunten komme foar smoarch wetter. Alle oerflakwetter heart geskikt te wêzen as swimwetter. De FNP is fan miening dat it saneamde "wyldswimmen", bûten de kontrolearre swimplakken, mooglik bliuwe moat.

- ♥ **Gjin fersmoargjende boarrings en opslach yn ús boaiem**
- ♥ **Mear ynnamepunten foar smoarch wetter foar de berops- en rekreaasjefeart**
- ♥ **Mear ûndersyk om medisynresten út it rioelwetter te heljen**
- ♥ **It wyldswimmen wurdt gjin beheining oplein**



3. NATUER EN LÂNBOU

Buorkje mei de natuer

Foar ús is de Fryske natuer en it lânskip yn syn hiele hear en fear in kearnkwaliteit fan Fryslân en foar ús mienskip. Provinsje Fryslân is okkerjiers net foar neat útroppen ta de moaiste provinsje fan Nederlân. Dat moatte wy yn stân hâlde en dêr meie wy fan genietsje en profitearje. De Provinsje is de regisseur as it giet om it lanlik gebiet. Wy sjogge de natuer net as in kostepost. De natuer smyt in protte op. Foar it wolwêzen fan minske en bist, mar ek ekonomysk is natuer fan grut belang foar rekreaasje en toerisme. Dêrom, ús natuer is ús griene goud dêr't wy soarchfâldich mei om gean moatte.

De FNP is fan miening dat boeren yn Fryslân ek yn de takomst noch goed buorkje kinne moatte. Dêrby stiet ús in sektor mei kringloop-, biologyske en grûnbûne lânbou foar eagen. Op de klaai, op it fean, of op de sângrûn: elts gebiet hat syn spesifike oanpak. De sektor stiet ûnder druk fanwegen de útstjit fan tefolle stikstof, it ferliezen fan de derogaasje, it brûken fan gewaaksbestridingsmiddels ensfh. De sektor hat in opjefte om duorsumer te buorkjen foar sûnere grûn en skjinner wetter. Gâns boeren sette út eigen beweging al grutte stappen yn it agrarysk natuer- en lânskipsbehear. It rapport Remkes jout oan dat der foar de agraryske sektor takomst is. De FNP kiest dêrby foar de Fryske oanpak.

De Natura2000 gebieten yn Fryslân binne tige weardefol en meie net fierder oan kwaliteit ferlieze. In goed wetterpeil yn en rûnom de natuergebieten is fan belang om de wearde dêrfan oerein te hâlden.

Feangreide en fundearingskea

Yn de Feangreidefisy, fêststeld troch Provinsje en Wetterskip Fryslân wurdt rjochting jûn oan it feangreidefraachstik. Om fierdere boaiemdelgong foar te kommen, moat it wetterpeil yn de feangreide omheech. Net allinne om it fean te behâlden en de CO₂ útstjit te ferminderjen, mar ek om it ferdrûgjen fan de hege sângrûn en de opkringende fersilting foar te kommen.

De kommende jierren sille yn de gebietsprosessen stappen setten wurde moatte. Dat freget om maatwurk per gebiet. De ryksoerheid hat jild klear lizzen foar it agrarysk natuer- en lânskipsbehear en "klimaatjild" foar de CO₂ oanpak. De boeren moatte út de klimaatjilden finansjele stipe krije om har bedriuwsfiering oan te passen om mei in heger wetterpeil buorkje te kinnen.

Provinsje en Wetterskip Fryslân hawwe oanjûn harren moreel ferantwurdlik te fielen foar de skea oan fundearingen yn it Feangreidegebiet. It juridyske



stânpunt is dat eigners fan wenningen/gebouwen sels ferantwurdlik binne foar de ûntstiene skea oan harren besit. Ien en oar is fêstlein yn it rapport “Funderingsaanpak”. De FNP fynt it in goede saak dat it Fundearingsloket sadanich opsetten wurdt, dat eltsenien yn it gebiet goed foarljochte wurdt en holpen by it opstellen fan in skea-werstelplan. Dat nimt net wei dat mei dit útgangspunt eigners sels foar de skea opdraaie. Sy kinne jild liene mei in garânsjstelling. De FNP is fan miening dat in part fan de skea as kompensaasje útkeard wurde moat. Wy wolle dêrom in part fan de klimaatjilden dy’t frij komme foar it Feangreidegebiet hjirfoar beskikber stelle. Ek minsken mei in smelle beurs moatte yn in feilich en sûn hûs libje kinne.

Grutte en lytse bouhoeke

Fuort efter de seedyk leit in ryk ikkerbougebiet, geskikt foar (poat)ierappels, bieten, granen, koal, ensfh. De FNP stiet noed foar dit gebiet, dat gevoelig is foar fersilting. Lykas by it haadstik oer de primêre kearing al oanjûn is, moat foarkommen wurde dat de sâltswietwetteroergongen foar fierdere fersilting soargje. Dat jildt yn ús eagen ek foar de Lauwersmar. De FNP wol gjin risiko’s foar de lânbou rinne troch de Lauwersmar sâlter te meitsjen.

Op middellange termyn kin mei it trochspieren fan wetter út de Iselmar it probleem fan fersilting noch wol ûnder kontrôle hâlden wurde. Foar de langere termyn moat stúdzje útwize at oare technyske oplossingen (bygelyks fertikale drainaazje) mooglik binne.

De greidhoeke

De FNP stiet foar in yntegrale oanpak fan it wetterbehear mei oare belangen lykas natuer, kultuerhistoarje, enerzjy, ekonomy en rekreaasje. Dat jildt ek foar de Greidhoeke. Yn de Greidhoeke is op guon plakken noch it âlde boerelân te finen. De FNP fynt dat dit net ferlern gean mei. Wol moat besjoen wurde at der ek gruttere peilfakken makke wurde kinne, om sa kosten fan ferfanging fan ruilferkavelingsgemalen foar te kommen.

- ♥ **Klimaatjild Feangreide ynsette foar fundearingsskea**
- ♥ **In heger wetterpeil yn it Feangreidegebiet**
- ♥ **Mei de agraryske sektor yn de gebietsprosessen wurkje oan takomstbestendige lânbou**
- ♥ **Gjin fersilting fan de Lauwersmar**

4. FOLDWAANDE FARSK (SWIET) WETTER

Drûch en wiet geane hân yn hân

By de ynliding ha wy al de ûntwikkeling oanjûn dat it tal drûge simmers tanimt, mar tagelyk de delslach ek. Oan de iene kant jout dit problemen mei in te lege grûnwetterstân yn de simmer, oan de oare kant ha wy problemen mei it tidich ôffieren fan wetter by swiere klusterbuien. De natuer hat bot te lijen fan de inoar opfolgjende drûge simmers, mar ek de boeren op de sângrûn krije gruttere problemen mei de wetterfoarsjenning.

De FNP is fan miening dat yn de hegere gebieten it wetter langer fêsthâlden wurde moat. De lêste jierren is dêr ek mear oandacht foar kommen. By ekstreme

klusterbuien en yn perioaden mei langere tiid delslach kin de kapasiteit yn de boezem en de (oerrin)polders brûkt wurde om it wetter langer fêst te hâlden. Mei de hjoeddeiske betroubere waarfoarsizzings kin der makliker oan de knoppen draaid wurde. Feiligens (kaden op hichte en sterkte) spilet hjirby in rol.

Yn de Blauwe Omjouwingsfisy moat ek omtinken jûn wurde oan it grutte belang fan de farsk wetterfoarried yn de Iselmar en Lauwersmar. Net allinne Fryslân makket gebrûk fan dizze wichtige buffers om yn tiden fan drûchte wetter yn te litten, mar ek oare wetterskippen dogge hjir in berop op. Tagelyk moat ek besjoen wurde at wy yn de takomst it tefolle oan wetter noch wol op in natuerlike wize (frij ferval) fanút de Iselmar en de Lauwersmar ôffiere kinne nei de Waadsee. Ûndersyk moat útwize at hjir beheardmaatregels (gemalen) op nommen wurde moatte.

- ♥ **Mear wetteropfang yn de hegere gebieten fan Fryslân**
- ♥ **Iselmar en Lauwersmar bliuwe fan grut strategysk belang foar de farsk wetter foarrie**
- ♥ **Wurkje oan mear retinsjepolders foar it bergjen fan wetter**





5. BIOFERSKAAT EN KLIMAATADAPTAASJE

Ambysje

Omtinken foar bioferskaat en ekology spilet in belangrike rol by it wurk fan it Wetterskip. It Wetterskip kin helpe om it bioferskaat yn har wurkgebiet te fersterkjen. De teloargong fan it bioferskaat wurdt wittenskiplik oantoand. Sa is it tal ynsekten de lêste jierren drastysk ôfnommen, wylst dizze ynsekten fan grut belang binne, ek foar de agraryske sektor. Yn maaie 2021 is de nota "Ambysje bioferskaat Wetterskip Fryslân" fêststeld en is foar de kommende twa jier ien kear € 200.000 beskikber steld. De FNP is fan miening dat der struktureel jild beskikber komme moat om dizze ambysje fan it Wetterskip wier te meitsjen.

In yntegrale oanpak stiet foarop: wurk mei wurk meitsje. Hjirby moat ek de gearwurking en ynbring socht wurde mei de agraryske kollektiven yn Fryslân en moat oansluting socht wurde by it "Deltaplan Biodiversiteitsherstel" fan de Unie van Waterschappen.

Eksoaten

Mei troch de klimaatferoaring (stiging fan de temperatuer) ferdwine plante- en bistesoarten, mar komme der ek nije foar yn it plak. Dat heart ek by de natuer. Guon nije soarten (eksoaten) binne hjir lykwols minder wolkom. De muskusrôt is suksesfol bestriden, mar no spylje bygelyks de Amerikaanse rivierkreeft en foaral de Wettertekken ús parten. De earste soarget foar graafwurk yn de wâlkanten en kaden. De twadde waakt sa hurd dat it trochstreamen fan it wetter beheind wurdt. De bestriding fan dizze soarten kostet in protte jild. In logyske gedachte is om út de earder neamde Klimaatadaptaasje-pot ek jild beskikber te krijen foar de eksoatenbestriding. Tagelyk moatte wy wach wêze op nije eksoaten. ▶

Greidefûgellân

It greidefûgelbehear is foar de FNP tige wichtich. Yn natuergebieten lykas Skrok en Skrins, de Skriezekrite Idzegea en yn it lân fan Murk Nijdam en by tal fan oare boeren wurdt, mei behâld fan de agraryske funksje, in geweldige biotoop realisearre foar ús greidefûgels. It wetterpeil is yn dizze gebieten fan grut belang. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak. Wy freegje fan it Wetterskip yn ôfstimming mei it provinsjaal belied dat hjir yn it deistige wurk goed rekken mei hâlden wurdt. De FNP wol boeren dy't om harren pleats hinne oan greidefûgelbehear dogge sels de mooglikheid jaan om it wetterpeil te ferheegjen.

Fiskstân

By bioferskaat en ekology heart ek in sûne fiskstân yn de wetters fan Fryslân en it Westerkwartier. Yn it útfieringsplan fan de KRW wurde passende maatregels neamd om de habitat fan de ferskate fisksoarten te ferbetterjen. Berops- en sportfiskers hawwe hjir alle belang by. De sportfiskers binne in rekreatyf-toeristyske mar ek ekonomyske faktor fan belang yn Fryslân en fertsjinje beliedsmjittige en praktyske stipe fan de Provinsje en it Wetterskip. De fiskplakken moatte tagonklik bliuwe, ek foar minsken mei in beheining.

Klimaatadaptaasje

Wy binne mei inoar ferantwurdlik foar ús leefomjouwing. De hite simmers en ekstreme buien soargje foar oerlêst. Yn gearwurking mei provinsje, gemeenten, wenningboukorporaasjes en foaral ek de boargers kin ús leefomjouwing op tiid oan de klimaatferoaring oanpast wurde. Mear grien yn de beboude kom fan stêd en doarp, mear natuerlike tunen, it opfangen fan reinwetter foar eigen gebrûk, sedum op de platte dakken, it draacht allegear by. De FNP wol dat de oerheden mei-inoar in publyksskampanje opsette om dit te befoarderjen.

Wetterskip Fryslân wol yn 2030 klimaatneutraal wêze. Duorsume inisjativen fan treden yn relaasje mei wetter, wol de FNP safolle as mooglik fasilitearje. Mar ek saken as biogas meitsje út bermgers en hekkelspeesje brûke foar bokashi fertsjinje stipe. It útfierend wurk moat safolle as mooglik duorsum oanbestege wurde.

- ♥ **Struktureel budzjet foar mear bioferskaat by it Wetterskip**
- ♥ **It Wetterskip wurket nau gear mei de agraryske kollektiven**
- ♥ **Mei gemeenten befoarderje dat ynwenners harren tún griener ynriochtsje**
- ♥ **Eksoatenbestriding bekostigje út klimaatjilden**
- ♥ **Duorsume inisjativen fan treden krije ús stipe**

6. BETELBER

Belesting

Yn de efterlizzende fjouwer jier binne de belestingtariven fan it Wetterskip foars ferhege. De skuld fan Wetterskip Fryslân is heech. Dêr komt by dat der yn de kommende jierren in protte saken ferfongen en oanpast wurde moatte (gemalen, dûkers, kaden ensfh.). Dat freget hege ynvestearings. De FNP wol dat it Wetterskip eksakt yn byld bringt hoe't ús kapitaalgoed (assets) der by stiet. Mei goed databear en mei moderne ynspeksjemetoaden kin in ferfangingsplanning makke wurde dy't risikostjoerd is. Dêrmei kinne wy foar de kommende 15 jier in ferstannich finansjeel belied útsette en de belestingtariven sa leech mooglik hâlde. Lykas yn de ynliding oanjûn sil it Ryk finansjeel bydrage moatte om alle wurk útfiere te kinnen. Dúdlik moat wêze dat it Wetterskip effisjint wurket en dat de amtlike organisaasje ôfstimd is op it wurk dat útfierd wurde moat. De FNP sil net toarne oan de 'kwijtschelding' fan 100% foar de minima.

De FNP giet út fan it prinsipe 'de fersmoarger betellet'. Yn de nije bestjoersperioade sil besjoen wurde moatte of de tadieling fan kosten by wetterbear en wettersuvering noch yn de goede ferhâlding stiet. De tariven foar fergunningen moatte mear yn lykwicht brocht wurde mei de kosten.

Faak wurdt der in berop dien op de saakkundichheid fan it Wetterskip, bygelyks by nijbouplannen en by it oanlizzen fan ynfrastuktuer. De FNP fynt dat it Wetterskip har hjirby saaklik opstelle moat en dus advyskosten yn rekkening bringe moat.

Mei minder mear dwaan

In mear regisseurjende rol fan It Wetterskip freget om in amtlike organisaasje dy't hjir op taret is. It betsjut net allinnich dat der mear wurk op de organisaasje ôfkomt, mar ek dat er oare kompetinsjes frege wurde sille. Tagelyk wurdt it yn de hjoeddeiske krapte op 'e arbeidsmerk hieltyd dreger om de passende minsken te finen. Dit freget om in organisaasje dêr't de klam leit op doelmjittigens. It brûken fan de nijste digitale techniken en digitalisearing foarmje in wichtige betingst om mei minder finansjele middels en minder minsken mear te dwaan. De jierlikse skou en it opspoaren fan yllegeale dempingen op basis fan fleantúchbylden en keunstmjittige yntelliginsje binne hjirfoar tref-fende foarbylden. De FNP fynt dat dizze ûntwikkelingen fierder útboud wurde moatte. Mei mear ynsicht yn de data en mei kontinu tasicht krije wy bettere beslútfoarming oangeande it bear fan it wetter- en suveringssystem om sa doelmjittiger en goedkeaper wurkje te kinnen.

- ♥ **Tsjinstferliening troch it Wetterskip moat betelle wurde**
- ♥ **De ûnderhâldstastân fan it kapitaalgoed (assets) moat skerp yn byld brocht wurde**
- ♥ **Optimaal gebrûk meitsje fan nije technyske ûntwikkelingen**
- ♥ **In ryksbydrage foar de feroarjende rol fan it Wetterskip**



WÊR HA WY OAN WURKE?

De FNP is yn de bestjoersperioade 2019-2023 mei twa minsken fertsjinwurdige yn it Algemien Bestjoer fan Wetterskip Fryslân. Wy ha ferskate punten út ús ferkiezingsprogramma “Skjin wetter, skjinne loft en sûn lân achter feilige diken” ynbrocht yn de kommisje- en bestjoersgearkomsten fan it Wetterskipsbestjoer.

Wêr mooglik ha wy besocht mei oare partijen gear te wurkjen, allinne berikke jo neat.

Wy neame hjir in tal punten dy't mei troch ús foarstellen en ynset ta stân kommen binne:

♥ BIOFERSKAAT

Mei troch ús ynbring is de nota “Ambysje bioferskaat by it Wetterskip” ta stân kommen en der is ynearsten € 200.000 beskikber steld.

♥ SEEDYK

De seedyk tusken Koehoal en Lauwersmar wurdt fersterke yn de griene fariant, natuerfreonlik. Foar Peazens en Wierum wurdt y.f.m. it oansicht fan it doarp maatwurk levere.

♥ FRYSK

It Frysk hat by it Wetterskip in bettere posysje en mear omtinken krigen. Ien en oar is fêstlein yn de notysje “Frysk by it Wetterskip”.

♥ WETTERPEIL

Der binne mear mooglikheden om fan it standert wetterpeil ôf te wiken. Goed foar de natuer en greidefûgels.



♥ SLIBFERFIER

By it slibferfier mei frachtauto's nei Moerdijk wurdt no griene disel brûkt. It miljeu wurdt sa minder belêste.

♥ GREIDEFÛGELS

It Wetterskip stiet no ta dat yn tiden fan drûchte, middels ynlaten út de polder en boezem wei, wetter op it lân streamme kin om de biotoop fan de greidefûgels te ferbetterjen.

♥ KWIJTSCHELDING

Wy ha der mei oare partijen foar fochten om de kwijtschelding belesting foar de minima op 100% te hâlden. Gelokkich binne de koalysjepartijen, CDA, CU, VVD, Geborgd ongebouwd, Geborgd gebouwd, Lagere Lasten Burger, nei in jier ta ynkear kaam.

Fansels binne der tal fan oare saken behannele dêr't wy ús miening oer jûn hawwe. Altyd mei ús ferkiezingsprogramma as basis. Dat sille wy de kommende fjouwer jier ek wer dwaan. Foar in feilich, skjin en sûn Fryslân en Westerkwartier.



SÂN KEARNWEARDEN FAN DE FNP

DEMOKRASY: De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

FEDERALISME: De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

YNTERNASJONALISME: De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

TAAL EN KULTUER: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Bilts en it Stellingwarfs.

UNDERNIMMERSIN: De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmerskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

SOLIDARITEIT: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.

DUORSUMENS: De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfearre siket de FNP nei ekonomyske bestansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

DE KANDIDATEN OP DE LIST



1
**Bert
Vollema**
Tsjom



2
**Bram
Bonnema**
Frjentsjer



3
**Tryntje
Albada**
Twellingea




4
**Jan Pieter
van der Velde**
Ryptsjerk



5
**Anneke
Hylkema**
Aldegea (SWF)

- 6.** Gabe Schaaf, Baard
- 7.** Jeltsje Piersma, Nijemardum
- 8.** Ytzen van der Velde, de Grinzer Pein
- 9.** Jan van der Kooi, Ryptsjerk
- 10.** Doeke de Jong, Bitgummole
- 11.** Jan Benedictus, Boelensloane
- 12.** Anna Martha van der Mei, Tsjom
- 13.** Jan Roelof Buruma, Kollum
- 14.** Bauke Beart Keizer, Koarnjum
- 15.** Wopke Veenstra, De Harkema

**DÉ PARTIJ FOAR DE
REGIO SÛNT 1962.**





Kolofon

FNP Wetterskipsprogramma 2023 - 2027
Ljouwert, desimber 2022

De programmakommisje

Bram Bonnema
Bert Vollema
Tryntje Albada
Jan Pieter van der Velde
Anneke Hylkema



DÉ PARTIJ FOAR DE REGIO SÛNT 1962.